
Lieteboek foar de Tsjerken digitaal - desimber 2004

Dit artikel stie yn Swingel nû. 10 (desimber 2004). Swingel is it orgaan fan de Ried fan de Fryske Beweging.

Yn plakken dêr't gauris Fryske tsjerketsjinsten hâlden wurde lizze genôch Lieteboeken ree, mar dêr't Fryske tsjinsten útsûndering binne wurdt meastal mei spesjale liturgyboekjes of -blêden wurke. Om dy der kreas útsjen te litten ferget nochal wat, benammen as ek de meldijen ôfprinte wurde moatte. Dat kin in stik makliker om't it Lieteboek foar de Tsjerken no ek op in kompaktskiif (cd-rom) útkommen is.

Jierren lyn sloech de Teologyske Universiteit fan Kampen alle teksten út it 'Liedboek voor de Kerken' digitaal op. Dat hie twa foardielen:

1. Mei sykwurden koene gaadlike lieten fûn wurde foar beskate gelegenheden of foar spesjale mominten yn in tsjinst.
2. De lieten koene mei in stikmannich kommando's yn liturgyboekjes of op lietablêden opnommen wurde.

Sûnt de útjouwer fan de lieteboeken -Boekencentrum bv te Zoetermeer - dy aktiviteit oernaam, is it tal mooglikheden útwreide. De muzyk is no ek digitaal setten; dy kin beharre en kopiearre wurde.

Doe't dat projekt in ein op 'e gleeed wie kaam it Fryske lieteboek op it aljemint. De YKFE spande dêr in tal frijwilligers foar yn. Earst hellen Liuwe en Baukje Westra de printflaters út de tredde printing. Dêrnei setten Berber Feenstra, Jan Oosterhaven en Jan Breimer de teksten fan it earste kûplet fan de lieten ûnder de muzyknotaasje fan de Nederlânsktalige skiif. Dat wie tagelyk tariedend wurk foar in eventuele fjirde printinge fan it Lieteboek. Yn de printe útjefte stiet de tekst fan de earste kûpletten ommers net ûnder de noaten.

Om't it frjemd is en lit sa'n skiif mei in Fryske ynhâld yn in Hollânske kompjûteromjouwing draaie, sette Cor Jousma it programma oer. Ek de helptekst, sis mar de hantlieding, waard oersetten. Drs. Peterjan van der Wal en Arno Rog, de specialisten fan Boekencentrum namen alles yn it programma op.

Sa't de Hollânske skiif mei hieltyd nijere ferzjes ferbettere is, komt it ek mei de Fryske. Wa't de skiif no oantúcht kin der it folgjende mei:

- it Lieteboek op it kompjûterskerm trochblêdzje en lêze;
- de lieten beharkje;
- de eftergrûnynformaasje oer de Fryske dichters en komponisten rieplachtsje. Dy fan de net-Friezen komt letter (yn it Hollânsk) beskikber;
- de helptekst rieplachtsje, ek oer de funksjes dy't letter beskikber komme. In list mei de brûkte Fryske termen, njonken de Ingelske en de Hollânske, is dêryn opnommen. Ek in list mei handige kaaiekombinaasjes (sneltoetsen) is opnommen; dy stiet net op de Nederlânsktalige skiif;

-
- lieten opsykje troch de begjinletter of it nûmer te typen;
 - lieten nei it Windows-klamboerd kopiearje om se dêrnei yn Word te 'plakken':
 - kûplet 1 mei meldij;
 - alle oare kûpletten (of in seleksje dêrfan) as tekst;
 - de meldij sûnder tekst, om sels de tekst fan in oar kûplet der ûnder te setten.

Dy lêste mooglikheden binne wichtich foar typisten. Dy kinne no sûnder flaters te meitsjen Fryske lieten yn de liturgy opnimme, ek as se it Frysk net behearskje. Tsjerklike gemeenten, oer de hiele wrâld (!), wurdt it hâlden fan Fryske tsjinsten makliker makke. Tekstferwurkingsburo's, útfearingsûndernimmers en skoallen hawwe ek belangstelling foar dit nije medium.

Teologen en oaren dy't útsjogge nei de sykmooglikheden op trefwurden (ek assosjatyf), bibelreferinsje, auteursnamme en spesjale gelegenheden moatte noch in skoftke geduld hawwe.